



Easterein, 2 febrewaris 2017

Stipepuntraining mântlju junioaren/senioaren

Lykas ferline jier organisearret Keatsferiening Easterein ek dit seizoen wer trainingen foar de mântlju junioaren en senioaren.

Wat hâldt de stipepuntraining yn:

- In trainingsmooglikheid (12 trainingen) foar de mântlju junioaren/senioaren;
- Profesjonele trainingen oanbean troch diplomearre trainers.

Trainingen

De sealtrainingen (4 kear) fine plak yn sporthal 'de Greidhoeke' yn Easterein en starte op tiisdei 2 april 2017 fan 19.00 - 20.00 oere (*de tiiden en dagen fan de sealtrainingen binne noch efkes ûnder foarbehâld en ôfhinklik fan de opjefte*). Nei dizze perioade begjinne oanslútend de fjildtrainingen (8 kear) op sportkompleks 'de Skoalleseize' yn Easterein. Dizze trainingen starte fanôf 1 maaie 2017 en fine plak op moandei te jûn fan 19:00 oant 20:00.

Kosten

Om diel te nimmen oan de trainingen wurdt in bydrage frege fan € 12,50 foar de sealtrainingen en € 17,50 foar de fjildtrainingen. At der keazen wurdt foar sawol de seal- as de fjildtraining dan jildt der in **koarting fan € 5,-** en komt it totale bedrach út op **€ 25,-**.

Opjefte

De opjefte foar de trainingen fynt plak fia in digitaal opjefteformulier op de webside fan keatsferiening Easterein (www.kfeasterein.nl). Sjoch ûnder it kopke *trainingen* en dan *stipepunt*. **Opjaan kin oant en mei snein 12 maart 2017!**

Fragen?

Mochten der noch fragen of opmerkings wêze, nim dan kontakt op mei Bauke Dijkstra (*trainingskoördinator K.F. Easterein*) fia training@kfeasterein.nl.